

Laudatio Gysbert Japicxpriis 2019

Achte oanwêzigen,

yn it bysûnder de haadpersoan fan hjoed Aggie van der Meer mei famylje, freonen en goekunde, deputearre Sietske Poepjes en wethâlder Stella van Gent,

“Miskien hie it har lêste simmer west. Se wie taai genôch foar noch sa’nien, hie de dokter sein. In tajefte wie moai, mar dan graach wol ien yn kadopapier.”

Wurden fan Aggie van der Meer. We gunne har dy tajefte fan herte. Wat de deputearre har fannemiddei oerlanget, nei’t Deputearre Steaten mei de foardracht fan de Advyskommisje fan de Gysbert Japicxpriis ynstimd hat, is dan wol wat oars as sy bedoelt, mar der sit dochs in fijn – imaginêr - kadopapier omhinne. Hoe binne wy hjirta kaam?

Mar lit ik begjinne by it begjin...doe’t Grytsje Schaaf, Atte Jongstra en ik begjin dit jier foar it earst byinoar kamen om in advys op te stellen foar Deputearre Steaten oangeande de winner fan de Gysbert dit jier. Dizze kear is proaza wer oan bar. Dat begûn mei in saneamde longlist mei 18 wurken út 2015, 19 út 2016, 15 út 2017 en 18 út 2018. Nei in protte lêswurk en oerlis koene wy dy grutte mennichte boeken werom bringe oant in shortlist fan 5 wurken, de nominearren fan dit jier:

- De trekker fan Troje, fan Hein Jaap Hilarides


“It tema identiteit wurdt lyts- en grutskalich útwurke, wêrby’t de ferhâldings fan de karakters ûnderling én dy fan mienskippen op it plattelân mei Europa sintraal steane. De feroarjende belangen en doelen fan de haadpersoanen en de goede saak nimme de lêzer mei nei in spannende ûntknoping.”

- De Achttjin, fan Aggie van der Meer

“De benearjende sfear fan it libben efter it izeren gerdyn krijt op in bysûndere wize stâl yn dit ferhaal. Stadichoan wurdt de lêzer meinaam yn in sitewaasje wêryn’t gjinien mear te fertrouwen is en wat soks docht mei in minske.”

- Wurk, fan Elske Schotanus

“In oansprekkend tema – wurkleazens, it roer folslein omgoaie – wurdt troch Schotanus op fernimstige wize ynklaaid en útwurke. De ûntjouwing fan de haadpersoan en de swierrichheden dy’t er tsjinkomt as hy werom wol nei syn eardere kreative kant, nimme de lêzer mei yn it ferhaal.”



- Renger, fan Nyk de Vries

“Renger is gewoan in goed boek dat in breed publyk oansprekke sil. De autobiografyske kenmerken soargje foar werkenberens en it boek is spannend boppedat.”

- Famke, famke fan Ale S. van Zandbergen


“Mei twa ferhaallinen njonken inoar wurdt stadichoan dúdlik wêrom’t saken binne sa’t se binne. Mar de driging fan in ôfreaken fanwege in slim fyt út it ferline, hinget it hiele boek boppe de merk, wat it in meislepend ferhaal makket.”

Al rillegau wiene wy it deroer iens dat yn it wurk fan Aggie van der Meer, der wiene mear útjeften fan har yn dizze beoardielingsperiode, wol sokke nijsgjirrige en bysûndere eleminten sitte, dat wy besleaten mear fan har te lêzen. En jimme, sa’t jim hjir sitte, witte wêr’t dat ta lieden hat.

Aggie van der Meer hat in wûnderlike skriuwerskarriêre opboud. Wa set der no sa let yn har libben útein op literêr mêd, as je talint op dat terrein sa ûnbidich is? Grut genôch foar Nederlân. Grut genôch om ynternasjonaal foar de kreammen lâns. Want dat kin Aggie van der Meer. Lês bygelyks har Ho Wu en Misty Mac út 2016, in lyts peareltsje dat dochs net ferblikket njonken Gustave Flauberts ferneamde Boulevard en Pecuchet út 1880. Ek al is Aggies boek hûndert kear tinner en hûndert persint oars, der binne tûzen ferskillen. Mar it is krekt sa goed, yn alle beskiedenens. Styl, ynhâld, yn alles.

Aggie van der Meer is gjin auteur fan tsjokke boeken. It wûnderlike sit him yn wat sy yn al har romans en ferhalen, mar ek yn har dichtwurk, oan rykdom wit te ûntjaan. We sjogge der allinnich mar echte karakters, echte minsken yn. Fan Friezen, Tsjechen oant Sinezen. Van der Meer krûpt yn ‘e holle fan Roomsens, Calvinisten, Joaden en we fiele mei har allegear mei. Hoe’t dat kin? It is tanksij Aggies sosjale, algemien minsklike pinne. Har wurk is kaleidoskopysk, alle kleuren komme foarby en fanút har ûnneidruklik, natuerlik-psychologysk skriuwerskip begripe we folle mear fan ússels en alle oaren om ús hinne.

Nim har Oerfeart út 2006. It past yn it seldsum wurden literêre sjenre fan it deadepetear, dêr’t sels in iewenâld wenhûs oan meidocht. Allinnich al de wize wêrop Aggie har personaazjes op ‘e lapen bringt. Want yndied: hoe krije je twa deaden op sa’n folslein leauwurdige wize hjirhinne oerfearn? Van der Meer typearret Oerfeart sels as in histoaryske famyljeroman en dat is it ék. Mei alle




omtinken foar Spinoza en de Roomske, Joadske en Calvinistyske reaksjes op syn tinken soest it ek in ideeëroman neame kinne, wêryn't útsoarte ek noch in betsjoad skilderij figurearret. Dan nimt Van der Meer noch in tal sitaten op, wat Oerfeart wer foar in part ta dokumintêre roman makket. As neigesetsje ûntbleatet de auteur úteinlik nochris hoe't har personaazjes stâl krigen ha, troch ien fan dy personaazjes – de skriuwster – sizze te litten: "Soe it net sa wêze kinne, dat lykop mei ús ferhalen der wol in byld fan ús opkomt?"

Sa giet dat yndied by skriuwers dy't sûnder skema foarôf, gewoan begjinne oan in boek en sjogge wat der bart as je minsken (dea of net) by elkoar sette en ast goed lústerest wat se tsjin inoar sizze. Dat lêste hast net yn 'e hân as auteur. Skriuwe is wat dat oanbelanget in aventoer: je witte nea hielendal wat de minsken yn je eigen boek mei harren skriuwer foar hawwe. Spannend, en foar de lêzer is krekt dy spanning nochris in ekstraatsje. En dat alles bart yn in beslach fan 245 floeiende, tige byldzjend skreaune Oerfeart-siden. Bjusterbaarlik.

Skriuwe oer maatskiplike, religieuze saken, oer natuer, mar ek oer it skriuwen sels. Aggie van der Meer is in tige selsbewust auteur en itselde kin sein wurde fan har proaza, poëzij en alles dat dêr tuskenyn leit: it is selsbewust. Alles dat dêr tuskenyn leit? Ja. Want har proaza is fakentiids like poëtysk wat taal oangiet, guon fan har gedichten soene je as 'proazagedichten' beneame kinne, alles is yn alles. Fan de feilige stoepe fan de Fryske literatuerkryk ôf is dêr nochal oer klage. Aggie van der Meer soe har yn har dichtkeunst boppedat skuldich meitsje oan sirkulêre ekonomy. Wergebrûk fan eigen dichtregels, mei oare ôfbrekking, yn in oare kontekst somtiden. Mar Aggie van der Meer wegeret har op in feilige stoepe del te jaan. Dichtsje en skriuwe is foar har in eksperiment. Se bejout har yn alle ferkear op de ryd baan fan de literatuer, útsjen dus en oppasse dat je der mei de hiele hûd ôfkomme op de lêste side. En dus gûchelje mei eigen regels, se in reisje meitsje litte yn in oare omjouwing en sjen hoe't se dêrop reagearje.

Selsbewust skriuwenskip. Koarte en lange sinnen wikselje inoar noflik ôf. Oandwaanlike passazjes en pittige observaasjes. De Advyskommisje fan de Gysbert Japicxpriis wurdearret it dan ek och sa dat Van der Meer net pretendearret de earste skriuwer yn de wrâldliteratuer te wêzen, en ek net dat sy it literêre tsjil op 'e nij útfûn hat. Yn in tal fan har wurk fine we ferwizings nei âldere literatuer, se boartet dêrmei. Termen of útdrukkings út boeken fan Harry Mulisch, Milan Kundera, Dylan Thomas, geregeld ek út Bibelboeken lykas Daniël of Iepenbierings, Van der Meer giet der op eigen wize mei oan 'e haal.



Mar we moatte der wol muoite foar dwaan. Dat lêste is tsjintwurdich in probleem, want lêzen is in opjefte wurden. It byld hat de macht oernommen. Soundbites, byldfoarming. Yn dat ljocht leveret de firma Gysbert Japicx syn kadopakket ôf op in 'âlderwetsk' adres, fan in auteur dy't wat freget fan har lêzers. In protte wikseling fan perspektyf, ferskate personaazjes oan it wurd, lykas ek yn it masterlike en dus nominearre De Achttjin. Dat ropt reaksjes op, der wurdt faker as ien kear it wurd 'tsjuster' brûkt. It ljocht brekt net by elkenien fuortendaliks troch. It wurk fan Aggie is eins hiel modernistysk (en tagelyk ek alwer âlderwetsk) en eins hat se sa de sirkulaire ekonomy yn de literatuer brocht. Se makket hjir en der soundbites, mar dan tekstbites en karakterfragminten, dy't troch it werlêzen wer oare betsjutting krije. Superkontekstueel. Stadich lêze, wer lêze betiden – bewiist dat lykwols alles yn har wurk strykt.

Alles oersjend is de Advyskommisje foar de Gysbert Japicxpriis 2019 fan betinken dat net allinnich it nominearre De Achttjin mar har hiele oeuvre nedich bekoane wurde moat. Njonken ús literêre lof wolle wy nochris beklamje dat ek it humanistyske, it minsklike yn har wurken grutte wurdearring fertsjinnet. It wurk fan Aggie van der Meer is een waarm ljocht yn ús betiden kâlde, hurde wrâld. De Advyskommisje hat sein.